

Wy sykje:

Freelance sjoernalisten

Nijs, Sport, en Kultuer

Mei de eigen taal, identiteit en kultuer is Fryslân in unike provinsje yn Nederlân en wy as Omrop hawwe dêr in grutte rol yn. Alle dagen sitte we boppe-op it nijs en wolle we de Friezen sa goed as mooglik ynformearje. We dogge ferslach fan wat der by ús yn de provinsje bart. Online (fia de omrop-app, webside en sosjale media), mar ek mei radio en telefyzje berikke we alle moannen hûnderttûzenen minsken oer de hiele wrâld en binne dêrmei ien fan de wichtichste nijsorganisaasjes foar Fryslân en de Friezen. Wy sykje freelance sjoernalisten dy't dêr oan meiwurkje wolle.

Fierdere taken:

- Sammeljen en selektearjen fan it nijs en sport.
- Underwerpen redigearje en montearje ta in "útstjoerklear" produkt.
- Taryeden fan ynterviews.
- Skriuwen fan berjochten foar radio, telefyzje en ynternet.

Beskikke oer:

- In sjoernalistike HBU-oplieding.
- In brede algemiene ûntwikkeling.
- Goede kontaktuele eigenskippen.
- Poerbêste kennis fan it Frysk, sawol mûnling as skriftlik.
- Kennis en ûnderfining mei dalet en/of smarttrack.
- Underfining mei it draaien as kamjo en/of mojo.

Feardichheden:

- Profesjoneel.
- Kin yn teamferbân wurkje en hâld fan oanpakken.
- Entûsjast en inisjatyfryk.
- Fêsthâldend en by steat om op taktfolle wize oare minsken te oertsjûgjen.

Oanfoljend

- Ree wêze om yn wikseljende tsjinsten te wurkjen, ek yn 't wykein.

Wy biede

- Ynset en prestaasje wurde beleanne mei in passend taryf ôfstimd op wurkûnderfining.

Wurkje yn in filefrije provinsje, yn in moai betelber wenklimaat en wurkje by in kreative en ynspirearjende organisaasje yn Fryslân, dan sjogge wy dyn reaksje graach temjitte. Stjoer dyn motivaasje (yn hokker foarm dan ek) nei P&O@omropfryslan.nl

Foar mear ynformaasje oer de fakatuere kinst belje mei de einredakteuren Nijs, Sport en Kultuer Sybren Terpstra (058 2997766) of Janjelle Ringnalda (058 2997809).